

TRYATER

Tryater siket:

TEATERTECHNIKUS (38 OER)

Mei spesjalisasje lûd

Tryater is it iennige meartalige teäterselskip fan Nederlân. Sûnt de oprjochting yn 1965 meitsje we teäter út de ferbining mei ús omjouwing wei: de provinsje Fryslân. Wy wurkje en tinke út de meartalige kontekst wei dêr't we yn libje. It Frysk is foar mear as de helte fan de Friezen de memmetaal. Tryater makket grut- en lytsskalich teäter foar alle leeftiidsgroepen en is oeral sichtber yn Fryslân. Mei ús lokaasje- en reisfoarstellingen strike we tydlik del yn de herten fan de lokale mienskip. Wy meitsje maatskiplik relevante produksjes, basearre op nije teksten, ticht op de hûd fan ús publyk. Tryater sit yn in prachtich monumintaal gebou oan de râne fan de binnenstêd, mei romte foar twa teätersealen, in seal op souder, in wurkpleats, in opslachromte, in kostúmatelier en in sfearfolle foyer. Tryater spilet oeral yn Fryslân en foar elkenien. Mear as 275 foarstellingen yn it jier, foar sa'n 25.000 bern, jongeren en folwoeksenen.

Wy hawwe op it stuit in fakatuere foar in **teätertechnikus mei spesjalisasje lûd**.

WY BIEDE

Wy biede in ynspirearjend wurkplak: Tryater is in dynamyske organisaasje, mei noflike kollega's en in ynformele wurksfear. Bist folop belutsen by it repetysje- en it foarstellingsproses en wurkest nau gear mei regisseurs, akteurs en oaren yn in produksjeteam; yn ús eigen gebou of op de foarstellingslokaasje.

WY FREEGJE

Do wurkest selsstannich, mar bist ek in echte teamplayer. Hast grutte affiniteit mei teäter en bist fleksibel ynsetber, likegoed wat wurkdagen as -oeren oanbelanget (wurkest ek in soad jûns en yn de wykeinen). Do hast wat jierren ûnderfining mei (teäter)technyk en fielt dy op dyn plak achter de mingtafel. By Tryater is taal fan grut belang. De basis is Frysk, mar net-Friezen sille har ek thús fiele. It op syn minst passyf behearskjen fan de Fryske taal is needsaaklik. Do hast kennis fan Qlab, automatisearring fan lûd en ljocht, digitale mingtafels, opnamen, ensafuorthinne. Bist yn it besit fan in rydbewiis (BE of CE en eigen ferfier is in pree).

Foldochst net oan alle easken, mar tinkst dat we dy hawwe moatte? Dan nûgje we dy ek fan herte út om te reagearjen. Us foarstellingen sprekke in brede doelgroep oan. Dêrom sjogge we diversiteit ek graach werom yn ús personielsbestân. It makket ús effektiver, ynnovativer en it wurk moaier.

Bist entûsjast wurden? Reagearje kin oant en mei 21 febrewaris 2024 troch in sollisitaasjebrief en cv te stjoeren nei Aart Laferte, Haad Technyk: a.laferte@tryater.nl

Foar mear ynformaasje kinst belje 058-2882335.

